

### 3. Sabeare muzyk

't Sil ek net wier wêze! Us âldste famke Hiske hie wer ris wat optocht. Fansels kaam hja net allinne mei har betinkseltsje by Tytsje en my. Har suske Hinke en broerke Wopke wienen ek alhiel optein.

“Toe heit, mei it heit? Wy hawwe dêr sa'n sin oan!” Hja woenen

sels muzyk meitsje. Jimme moatte witte dat foar mûskes muzyk meitsje eins ferskriklik ûnferstannich is. Wy moatte ús sa stil mooglik hâlde oars fynt de koster ús! Dêr komt noch by dat dy wezeling yn de hage fan de famylje

Skoan ek op ús loert. De trije katten fan de dominy binne ek net sokke bêsten. Hja meie dan alle trije in beltsje om 'e nekke hawwe, hja kinne alderbalderbêst goed slûpe. Foar't jo earne erch yn hawwe lizze hja mei de earen plat op de kop by de yngong fan ús hûs... Nee, leven meitsje is gefaarlik!

De minsken hawwe sels in sechje oer ús mûskes makke. Dat sechje seit: “Jo moatte sa stil wêze as in mûske”. En no kaam dy flarde fan in Hiske freegjen oft hja muzyk meitsje mochten. Alle trije bern hienen glimeachjes doe't Hiske it frege. Tytsje en ik wienen der in bytsje mei oan. Wy woenen de wille fan ús bern net ôfpakke. Wat moasten wy hjir mei oan? Ik sei tsjin Hiske: “Hoe komst op dit plan Hiske? Hoe woest muzyk meitsje famke?” “No”, sei Hiske, “Alle sneinen hearre wy moaie muzyk fan de oargelist.

Heit en mem fine dat ek moai. En lêsten hearden wy dy muzyk út de radio fan dy keardels yn de tsjerketoer: moai heit! De bern sjonge ek wol ris yn tsjerke by muzyk út de bânrekorder. Dêrom wolle wy muzyk meitsje. Om't wy it oars sa stil fine yn 'e hûs. Kin heit net fluitsjes meitsje fan de reiden út de sleat neist de tsjerke? Yn de tún fan de dominy lizze wol grouwe nuten dy't Wopke as trom brûke kin.

Dan meitsje wy sels muzyk en kin mem dêr moai op dûnsje, dat docht hja ommers sa graach?” Hinke har ferhaal rûn as lei wetter yn de earen fan Tytsje. Tytsje sei tsjin my: “Ja, Tynus, do kinst bêst fluitsjes meitsje fan de reiden. En asto jûn wat grouwe nuten út de tún fan de dominy hellest dan hat Wopke syn trom. Och wat sil dat gesellich wêze”. Begripe jimme dat no? Dat sels Tytsje net yn de gaten hie dat soks net koe? Mûzen moatte ommers altyd mûske-stil wêze. De koster hat ús oars samar yn 'e gaten en soe ús ferbalje. Ik moast pake Gurbe derby roppe om in bytsje stipe te krijen. Pake sei ek: “Nee bern, mûzen moatte stil wêze, oars kostet it har it libben. Mar ik haw in plan: wy spylje sabeare muzyk”. “Sabeare muzyk”, rôpen wy doe, “Wat is dat no wer?”

“No, dan dogge wy de oargelist nei, mar dan sûnder lûd. Wy witte dôchs wol hoe't it oargellûd heart. Dan springe wy op 'e toetsen om sabeare oargel te spyljen. Sa hawwe wy in bulte wille en bliuwe wy dôchs mûske-stil”. Dat wie in geweldich plan fan pake Gurbe. De hiele húshâlding kлом nei boppen. Nei in protte switten lutsen wy mei-inoar it kleedsje fan it toetseboerd. Hiske, Hinke, Wopke en ik sprongen op de swarte toetsen. Tytsje en pake Gurbe sprongen op de wite. Wat hienen wy in wille! No witte jimme dus dat der faak sabeare muzyk spile wurdt op Klaas fan Hijum syn oargel, mar de koster wit fan neat...

No, oant de oare kear. Goeie! Tynus, de tsjerkemûs fan de Terp.

